DE LJOCHTE IERDE

O. POSTMA



DE FRYSKE BIBLETEEK — XVI

DE LJOCHTE IERDE

NIJE FERSEN FEN

O. POSTMA

TO SNITS BY BRANDENBURGH & CO. YN 1929

WIRD FOAROF.

Yn dit boekje binne net alle fersen fen de lêste jierren opnomd. Dy't my net nei it sin wienen haw ik weilitten en ek wol ris dy't hwet to folle hienen fen oare.

Fen it oersette dichtwirk is allinne „De beammen" fen Berend de Vries opnomd, dat him faeks it bêste oanslute by it eigen wirk. Ik tankje de Eastfryske dichter wol, dat er sa frjeonlik wie my hjir frijheid ta to jaen.

P.

FEN IT FRYSKE GEA

I.

IK GARJE FOR DY.

Ik garje for dy, myn âld kameraet,
  Dou heuker fen al-den-dei!
Ik set foar dy del al it bûnte spil;
  Dat er dy hwet fen haegje mei!

Hjir by my komme rjue wegen gear,
  Hjar winend troch 't bloeijende lân;
Yn ljochte slingers komt op my ta
  It fammefolk hân-by-hân.

Yn 'e sljuchte greide, forwiel-bigroeid,
  De feinten stean yn 't partûr;
Hja driuwe de bal mei linige slach
  It romme striidpark oer.

Ef noeget dy mear it âlde wirk,
  Sa as it my, dreamend, wonk?
By de kij yn 'e yester yn 't beammeskaed,
  As it speet yn 'e amer klonk?

Ef de lange reakken yn 't haeijerslân
  — As in rige fen wenten oer 't gea —
De sinne, de swietrook, it fleurige folk,
  En, noflik, de rêst yn it hea?

As 't mei my komste hjir op 'e dyk
  Den lit ik dy alles sjên;
En, nuver, it is fen dyn eigen reau,
  As nij hwet gong forlern.

Sjuch leit dêr yn sé — in swarte skym —
  Dyn eigen âld boat net by 't haed?
En rûkstou it wier en de taenlucht net,
  En hearstou net de waed?

Is dat net de pleats hwerste wente hiest,
  En malfarrest mear as scoe?
O brûzende, skomjende jonge krêft,
  Ho 't ek it brykste koe!

Bist hjir net ris frjemd de dyk lâns syld
  Nei dyn plak, mei de kiste op 'e wein?
Bist dêr net ris, mei de fûsten foarút
  As in wyld by de mûrre op flein?

Nou biste aerdich bitommele feint;
  Dou stieste mar stil to sjên;
Dou lakest net, dou flokste net,
  En litste my mar bitsjen.

. . . . . .

Kom wy geane hjir wei — it stik is út;
  Mar wer nei bodders-sté!
Wy meitsje beide ús plak noch wol skjin,
  Hawar den, de beage leit ré!

II.

KRYSTTIID.

Wy gean oer iis nei hûs;
De loft is klear, 't iis wol bitroud.
Kom, lit dy driuwe oer 'e gledde baen
En drink hwet suv're winter jowt.

De stêd leit efter ús;
Syn reek, syn lûden wirde wei;
Wiid leit it fjild yn blide skyn,
De moanne-hoarn blinkt troch de bleke dei.

De froastwyn strykt oer 't reid,
En oars gjin lûd as eigen flugge skek.
In inkle âlde pleats leit oan 'e feart,
De rûchskern' wazemt, jûkels hingj' oan 't tek.

Ho eigen is it ús,
Dat stille hiem, dat bûthús mei syn kij!
Yn drôge gean w' it bochtich foarskreaun paed,
De tillen troch, it lytse doarp foarby.

Dêr leit de hege dyk.
Kliuw hjir by op! Sjuch dat forstjurre fjild!
Fier oer 'e waed de skossen, wyt en heech,
Yn foarse driuw ta blanke bergen tild.

— Sa hat wol Barendsz stien
Op Nova-Zembla en seach de flakte oer,
De wide woestenij, foar 't winter kaem
En nacht, en 't lijen hjar werfoer. —

It blanke wirdt rea-goud;
Noch effen kinst de ljochtre rânnen sjên;
Hast stjert it wei. Kom, lit ús gean:
It waerme hûs bidet syn bern.

III.

DE LODDE.

O earste gravens wûndere bidriuw!
De ierde, dy 't ús draecht, jowt mei!
Dou stekst de lodde er yn, hy giet yn 't lichem op;
Dy greate, machtige forwint dyn krêft!
Dou dolst dy hoale en grêft; de bult,
Dystou dy winst, wirdt terp ef dyk;
Der is gjin ein oan hwetstou bouwe scilst!

Yn 't lytshús leit al 't ark:
De lodde en skeppe, sibben, nêst enoar;
Den — bandigers fen wâl en sleat —
Snijseine en heakkel; stikelspar en houwe,
It lichter reau.
De lodde is dyn maet; dyn hân
Past om 'e jelt; it yl kaem fen dy feint!
It gledde blêd is skûrre fen dyn kreft,
Astou mei macht it driuwste yn 'e groun,
De wrede klaei tobriekst.

Dy sleat hast slatten; yn 'e greide hast
De fûrgen dold.
Dy bou hast hakke mei dyn sterke freon,
Ho mannich jier! It izer sliet,
Dyn lichem mèi; en stiif en krom

Sa makke it wrotten dy; hast is dy 't wirk ûntkomd.
— En allegearr' hwerfor? Moarn scil dyn âlde maet
Yn oare hân dy grave it sté dêrstou yn rêste scilst;
En alles is foarby.

Mar yn dit gea, myn bodder, hastou boud
En dien hwet moast. 't Hie sûnder dy
Syn plak net sa yn al it ierdske hawn.
De fruchten fen dyn hân
Bring' ús fen al 't biderf hjar part;
Dyn sleat is d'ieuwen oer in skieding fen it erf.
En ast', de lodd' op skouder, jouns nei hûs ta giest,
— De sinne blinkt er op: in byld yn gouden glâns —
Hwa goen syn wegen yn in suvrer skyn?

IV.

LYK AS YN JONGE TIID.

Lyk as yn jonge tiid myn rinnen Sneins,
Troch 't simmersk lân, mei âldre trouwe frjeon,
Sa wêze, maten, jimme reis mei my;
Hjoed hat wer hwet fen d'âlde langst my dreaun.

Ho goenen wy — wie 't jimmer sinne en ljocht? —
Mei flugge stap de blide lânnen yn!
De frjemde paden brochten wûndre njûe,
De geaen leinen yn in nije skyn!

O 't binnenpaed de blanke finne troch!
Gjin swieter sté as dêr 't de klaver rûkt;
Hjir oer in hout, den wer in foarhaed lâns;
O, ho 't ús — bern — dochs jimmer wiksel lûkt!

Koestou dat doarp? Sjuchst ho 't om hege terp
De feart him slingert? 't Hiem nei 't wetter ta,
De huzen stean yn 't roun; op heechste kling
Leit frij it hôf; de winen sprekke 'r sa!

Sjuchstou dat hûs? It bochtich tek is grien,
De âlde ruten jowe lytse dei;
Mar wite rânne siert de mûrren op,
En ek foar hûs d'abeeljen pronkje 'r mei.

Sjuchstou dat hôf? In mânske rige stiet;
Oer hjar binn' ropp'ge stoarmen gien,
Mar sterk haww' hja de earmen bûgd
En hjerstmis as in kening stien.

— O frjeon, Jy binne wei; wy haww' Jo brocht
Nei 't lêste sté; en hwet ik sjong is wei,
Ef hast forgoen — o, ûnbegryplik eat!
Forstoarn, forgoen en dochs yn ljochte dei!

V.

LIETSJE.

Ik bin net oars as de âlde boer
Dy 't stiet by de bûthúsdoar;
Om it hûs de lânnen lizze to pronk
Yn ljochtste maitiidsgloar.

De feint mei it kret draeft de planke lâns,
De boer komt net fen it sté.
Yn drôge sjucht er de fjilden oer:
Laei er ea sa'n simmer ré?

Ik bin net oars as de karreman,
De swalker troch waer en wyn;
Mar nou yn 'e drokke Maeije-tiid
Ho helje de frouljue him yn!

De sinne blinkt sa ljocht en heech,
De lepen roppe aloan;
De fleurige foerman laket blier,
Noch effen by Afke oan!

Ik ben net oars as de arbeidersman,
Dy't Sneins syn wille sa hat;
Den leit er yn skeante fen 'e dyk
En hat fen 'e wrâld wol syn part.

Lit dou dy mar wierje, myn âld briggedier,
Hwer it wyntsje oer dy hinne lûkt;
It sâltige gêrs is fyn en ticht,
It bleke fliekrûd rûkt.

Faeks bin ik net oars as de dogeniet
Dy't rekke fen it paed,
En heite' hiem net fine kin,
Alheel fen 'e wyldsin laet.

Hy sjongt syn liet. Ei harkje net,
It kweade lokket sa;
Sa'n wylde ruter nimt jimme mei,
En net nei tsjerke ta!

VI.

TO OOSTUM.

't Reapanne tsjerkje leit op hege terp;
Fen swiere klippen skoarre, d'âlde toer
Hâldt noch omheech de stompe fryske kop;
Ik, nêst him, sjuch de wide fjilden oer.

O Grinzerlân, dou fryske gea, ho leist
Yn swiidste simmerpracht! De stânnen weve sa;
De sinne blinkt; ho rûkt it hea!
De weiden ride op 'e iepen skûrre ta,

Djip ûnder my, yn 't lege lân,
It haeijersfolk skrept yn 'e sinnegloed,
Mei lûd petear . . . . Forsteurd de blide dream!
O fryske mannen, ho dat frjemde lûd?

O droevich stik! Forlern de fryske groun
Oan 't Saske Grins! Hwet d'âlde sprake wie
Ta grienmank keard! For jimmer skaet
Hwet iens elkoar sa nei bistie!

VII.

DE KASTLEIN.

Ien fen 'e Likendelers út 'e âlde tiid,
Rou roversfolk, skrik fen de noarder-sé;
Oant hjar forsloech de sterke handelstêd
En roeide út East-fryslâns tsjoede sté; —

Ef Greate Pier yn delgong; sa 't er stie to Snits
By de Heecheinster piip, en seach de skippen gean:
In groulik man, wyld-út it swarte bird;
De bern fen fieren bliuwe skruten stean; —

Sa sjuch ik him der stean: in foars en machtich man,
Fen wezen stroef en stûrsk; hy docht syn tappers-wir
En jit de romers fol for't folk, en tsjinnet hjar.
Mar feintsjes, hoedzje jimm' ef fjûr slacht út it swirk!

Hwet mei er foar him ha? Is it syn jonge tiid,
Do 't hy, allinne, feint, as 't him yn 'e holle kaem,
Leech-reage sa'n herberch? Slûkstirtsjend goen' s'er út
Ear't hjar de woedzjende yn syn earmen naem.

Ef is 't syn frijersgong tsjin famme' âldene sin:
O lyts forsteur, hwa keart de wylde wyn?
Wie him it hûs forbean, de faem dy woe him ha;
As 't oars net koe, den ta de skoarstien yn!

Ef giet him troch de holle frjemde fantasij,
Fen jonge langst, fen swalkjen en in wyld bistean,
Sa as fen Pier en Stortebeker yn dy rouwe tiid,
Do't ûnbidimme in man syn aerd liet gean?

Mar wie 't in dream fen jeugd, fen romte en sé,
Licht dat in glim fen ljocht glied oer syn wezen stil!
Nou bliuwt it stûrsk en njoer; en effen giet syn hân
Nei 't sté ta fen de frjeon, dy 't him fordjerre scil.

VIII.

OANTINKEN.

Hja hawwe net de wrâld mei bodsjen stoer
Set nei hjar will' en hawwe net hjar bern
Neilitten in ryk erf troch wrotten swier
En hird. Ja faeks is hwet fen d'âlden kaem
Yn hjar biwâld biklonken en bitard,
Om 't alles roun hjar tsjin. Wylst oare leat
Fen selde stam as machtich man oer doarp
En tsjerke stiet, gong hjar bidriuw to-niet!
Unearber stik! En dochs ús frjeonen wol
Sa goed as hwa 't op heechste priis it fé
To setten wit en tingje kin op 't lean.
— 'k Bin bang hja wienen yn it bûthús net
Sa trou as 't moast, mar faken bûtendoar
Op 't hiem ef op 'e dyk, mei frjeonlik wird
For hwa 't syn paed dêr brocht. Hjar niget wie
For 't fûgelgûd oer 't fjild en neat gong hjar
Foar fiskje en jagerswirk. En is hjar went
Oan 'e sédyk, it hert giet út nei bût
En al hwet rynsk de sé bringt oan it haed.
O, ho binn' hja hjir thús! It wide rom,
It ivich weach-gebrûs, it wiksljend ljocht,
De sâlt'ge rook, 't nimt allegearr' hjar mei!

En jimmer wer giet 't each nei 't fiere seil
En al hwet jinsen libbet op 'e waed.
Mar 't kin wol wêze, dat in inkle kear
It fé forgetten wirdt; it haeijen oerbliuwt
As it wêze moast; de bou fol krôdde stiet.
Sa giet it net foarút. En as er tsjinslach komt,
In minne tiid, hjà binne't dy't it treft.

Sa kin it barre, dat op 'e âlde dei,
Hja wei út heite spil en earm en lyts
In tjerke-arbeidershûs ha ta hjar went;
En yn 'e tsjinst fen foogden wrotte hja
Hwet op it tsjerkhôf om en himmelje it paed.
Mar fleurich bliuwt it sin en ljocht it each;
Hjar easken rounen mei de tsjinspoed del
En sûnder wrok sjên hja it âlde spil
Yn fûler hân dijd ta in nije bloei.
Hja nimme it libben sa 't it is en kleije net;
En Sneins yn tsjerke moedich sjonge hja,
En ûnder 't preekjen as troch 't finster falt
It waerme ljocht, den dwal' hjar tinzen ôf
En geane swiet hjar fiere wegen út.

IX.

IT LIBBEN DAT FORGONG.

In macht'ge rige stiet oan 'e oare kant.
De foarsten binn' my nei: ho klear en great
Haw ik hjar foar my stean, sa libben as
Hwa't nêst my is! En mei hjar komt
It folk dat hjar bistiet; dy hjitte libben noch,
Mar hwet hjar stalte wie, forstoar sa goed
As dy't men deaden neamt; ef better wol
It iene bleau as 't oar.
Hja binn' net boun
Oan foarmen fen ien dei; 't giet hinn' en wer
Sa as de siel forweecht; in wiksljend spil.
De frjeonen fen myn jonkheid allegearre
Gean my foarby. Ik sjuch hjar wezen klear,
De dei, de wyn dy 't troch de reiden giet,
Nimme hjar op; der is gjin skied
Fen do en nou; dy 't oer de tearen rint
Fen 't wetter, draecht hjar byld.

Myn stalten bring ik gear nei doarp en sté;
En yn it hûs de slachten komm' en gean:
Sa is it drager fen in fiere stream;
Mar fêster hâlde wier en wirkbre groun.
O hûs en terp en lân! Ho fiere jimme mei
Nei tiden griis en âld! De brike mûrre

It tek, it lytse ramt, hja sprekk' in tael
Us nei en goed. En op 'e terp mei plak
For went en hiem — feilich lyts ryk
Opboud fen eigen krêft — o as wy stean
Dêr heech oer 't gea en sjên de lânnen oer,
Ho komt in machtich fielen by ús op!
Hjar weiden, moedsum litsen by de hichte op,
Komm' op ús ta; wer roppe oer 't fjild de kij,
En effen hearre wy it einegûd.
O fliten lang fortein! Hjir mei jimm' del to gean
De himrik út, oan 'e ie ta dy't
De geaën skiedt! It gêrs fiel'k yn myn hannen
En ik rûk de groun . . . .
O dit giet bûten tiid! Wy binne diel
Fen selde wrâld, ho koe er oars
Sok fielen troch ús gean?
Ien siele, ien begryp omfiemt it al.

X.

BOEREHUS.

Allinne leit it fêst-omsletten hûs;
Himsels genôch; nou yn in swider steat,
Hwent dy't de greide as yn sketten droech
Binn' út hjar simmersk park nei 't hússté keard.

Yn 't bûthús is it greate, machtich wirk,
Dêr wrot it folk nei húsmans fêst bistjûr;
Nou effen, foare, hat de frou hjar rêst
En sjucht troch 't iepen hôf de lânnen oer.

De hjerste-joun stiet oer it ienlik fjild;
De moanne blinkt oan kleare easterloft;
Ljocht jowt it op út sleat en fûrge-lyn —
Fen einen noch komt er hwet let geroft.

XI.

DE SÉ.

— Hy brocht ús de dyk út en yn 'e bocht
Naem er op 'e peallen syn sté;
En seagen wy, skoft nei skoft, wer om,
Hy digere oer 'e sé.

Hwet goudene skippen seach er gean?
O ho 't him it wide lûkt!
Ho't ljocht de libbene spegel blinkt,
Ho't wier en wetter rûkt!

— Op 'e kisten stiet Jintsje en mikert mar,
En sjucht nei in séhoun út.
Ho 't in mylde laits oer hjar wezen giet
Ta de gledde robbesnút!

Hja hat mei hjar frjeonen in nochlik petear,
In wûndere, rouwe tean.
It sâlte skom sit hjar yn 't hier,
De wyn ritst troch hjar klean.

— Oan 'e dyk mei it jutte- en jagerswiif
Bilústere ik syn lûd;
O it liet fen dy 't as bern ús koe,
Dat grypt ús wol yn 't moed.

Hja spriek syn rom. O dat greidefjild
Dat fen hichten noch lichten wit!
Hjir docht him iepen in djippe drang
Dy 't yn elts wêzen sit.

Hjir giet oan ús foetten, yn weagen en tij,
Fen libben de foarse stream,
En oan 'e kimen de siele wint
Syn ljochte ûneindichheids-dream.

XII.

IT HUSKE.

It húske haw ik goed yn my opnomd:
Keal sûnder beamte stlet it yn 'e greide,
By de sédyk.
In stek skut it ôf fen it finstik,
Hwer 't in âld hynder
Haffelt yn 't reidgûd.
In keamer hat it hûs en in skûrke;
Bleek-griis de mûrren,
Tarre it skûrke.
In seilbokse wappert oan 'e line,
En de wyn rûst troch de tillegraeftrie.

Scoene wy stjerre?
Yn it húske libje tûzen bleek-grize huzen,
Ofbritsen en forgetten
Mar de trie rûst hjar namme.
Yn it finstik libje tûzen ofearte lânnen,
En de hynders dy't it bibieten,
En de hannen dy't it bidolden,
Sa scil ús lân en ús hûs bistean!

XIII.

MEI DE AUTO NEI DE TREIN.

Foar memme doar stapten wy yn;
Wy wienen net sa moedich, rjue dingen joegen ús soarch.
Mar rêstich naem ús chaufeur de bochten
Fen it doarp-stêdtsje en ear 't wy 't wisten
Wien' we oan e' sédyk.
De motor sette hwet oan; hy spoun en snoarke
En soms effen rêchwipte de auto
As in streakjend poeske.
En foarby fleagen de húskes dy 't ik sa goed koe.
En foarby de pleatsen dy 't ik sa goed koe,
Mar nou swijend en sûnder biwenners;
En foarby de greiden mei hwet donkere winterskiep
En iepenbritsen bou dêr 't séfûgels saeiden.
Ien mânske kob siet op 'e reed;
Rotgânzen wienen er net,
Hwer scoenen dy nou hjar lieten sjonge?
O ho deadsk is dat stille fjild, myn frjeonen hawwe my
[forlitten!
Oan't ein noch effen boppe de sé swaeije de libbene
[bazaltblokken,
Mar de auto kriemt,
En set ús del for de trein fen 11 ûre 11.

XIV.

HWET DE DICHTER WITTE MOAT.

En as it wêze mocht dat er de nachten net koe, dêr't
[Rilke fen spriek,
En net nêst de frou wie as hja it libben brocht,
Scoe it him hwet jaen dat er yn syn jonkheid wûnders
bilibbe hie?

Earst it wûnder fen it bouwen.
De bûthúsdoar stiet iepen; de man leit de stienen op enoar.
Hy bout in mûrre. Op 'e mûrre komt it stalhout.
Nêst him stiet de ridskipsbak mei it machtich ark.
Sa is wol groeid hwet fen alle tiden like!
Den bout ek de jonge sels;
Yn 'e ierde graeft er hoalen en gangen,
Yn it sân bout er kanalen en slûzen en fen stien toerren
[en kastielen.
Den it wûnder fen de foldiedigens fen natûr.
It hôf leit biditsen mei de greate, reade, swietrokige fruchten,
Dy't de wyn naem fen de mânske beammen.
O de wille fen it rispjen, wrâlds rykdom lade op de romme
[souder!
Den de hege weiden, dy't ta de skûrredoar ynwraggelje;
En de blanke ierdfracht út 'e fette groun dold!

Scoe it him hwet jaen dat er opwoechs yn de of-to-eagjen
Libbensmienskip fen it doarp?
Dat er it bûthús koe en de skûrre, de tún en de greide?
Dat er op 'e poepestâl wie en mei de ûngetiders yn it
[haeilân?
Dat er de lucht koe fen it hout hwer 't oan 'e dyk it
[heiblok giet,
Fen it boat by it fûkfandeljen en fen 'e taen yn
fiskermansefterhús?
Dat er de huzen koe mei stiennen flieren
En de lege swartbirikke souders?

En, o, as er de nachten net binne, sa binne er de dagen
Mei de ljeafde fen 'e ljochte himmel
En al ierde' waerme gloede!
En as de frou er net is dy't it libben tôge,
Sa is er de mem, dy't it jimmer jaen scil,
Siele, dy't slachten omfettet.

XV.

PEASKEMOANDEI.

Jonge kearels komme sjongende de lânnen út wei;
De pols op 't skouder, foarjiers-dronken.
Ik bin to âld om dronken to wirden,
Mar de reade kop fen in sûrstâl stek ik op 'e jas
En wiid set ik de sinnen iepen.
Ryk en bliid leit it lân,
Griene teisters driuwe fen 'e wâl ôf de sleatten op;
Ut it westen komt de fochtige wyn.
Efter doarpstún en hiem bliuw ik stean.
It âld stek en rou haech-gûd wyld bigroeid,
De gloaijende wâllen sa grien!
De brune sleat fol tyljende maitiidsgeur;
En oprinnend nei 't hege, út modder en weaze,
De hokken en stekken fen 't boere-eigen',
En tsjillen en slachters; en den it binhús
Eren sa steatlik, nou âld en skeamel!
O dit allegearr' mei ien streek to omfiemjen,
— As hy dy't ik net neame scil! —
En by it bargehok stean ik as in mûrre.

XVI.

DE IERDE NEI.

O do't ús hannen de klaver skearden,
Troch ús fingers de kerlen rounen,
Fêst oan hjar lichem ús foetten sluten!
Do't ús wûnder wie hjar heechste waechsen,
It reid dat ús diek en de machtige beammen;
Do't ús wille wie hjar ljeaflik sieren,
Kleur en rook yn 't oerbyld foarme . . . .

Hjoed yn 'e rein wie hja my wer effen as do;
Nou net it ljocht dat ús omstreaket,
Mar hjasels sa as hja yn 'e dize donker iepenleit.
In fine rook komt fen 'e bou;
Efter de skûne tikjend harje de mannen de sichte;
Ho nei scoenen dy hjar wêze?
Troch it wiete gêrs gean ik nei it doarp;
Op 'e terp stean de huzen to wachtsjen.
Ik bigroetsje hjar ien foar ien,
En gean myn wegen.

XVII.

BY „AUS MEINEM LEBEN"
fen FRIEDRICH PAULSEN.

Dit is heel Fryslân! Hûs en hôf en fjild,
De hallich en de hoarne, gaest en keech!
It mean- en loegers-wirk mei eigen hirde hân;
De sé, it bûtelân, it fiere leech.

En heit en mem — o, dat is wol ús stam,
Oer ieuwen skaet en dochs ús folk sa nei!
O wûnder stik! Dyn heit sjuchst swijsum gean,
En blierder stiet dyn mem yn ljochte dei.

Sa droech de noarder kust it âlde folk.
Him wreidet út, hwet eigen om ús leit,
Ta wider ring. Us skoarret fêster krêft;
De siele waechst ta riker mooglikheid.

XVIII.

OAN R. BROLSMA.

O mylde geast, dy't heel it fryske folts
Yn ljeafde omfet — mar meast de lytsen nei:
Dy't draecht de stêd as 't fjild, en hat allyk
De bodders en de ruters fen de wei.

Yn sêfte kleuren, blier en treastlik ljocht,
Stiet byld nêst byld. Al hwet er ea
Yn 'e iepen siele foel: in dream dy 't bleau,
Oan't it forriisde for in wider gea.

Den waechst en bloeit in tún, it jierskoft roun;
In park, frij for it folk ta syn geniet;
Dêr rêste hja in stoun nei 't bannich wirk
En effen haww' hja hwet fen libbens swiet.

XIX.

YN 'E SKIMERJOUN.

Ald minske, yn dream, sjucht it finster út,
Bilibbet de âlde tiid;
Wer komme de feinten de dyk út wei,
Mei fleurich sjeaze-geryd.

Wer reisgje hja, in strieljende dei,
Nei fiere merke ta;
Ho klinke de hoeven op 'e reed,
De tugen blinke sa!

Meast binn' hja al wei; mar earne is er noch
Yn libben in âld boerehear;
Him effen to sjên, och as it koe,
Dat wie noch wol hjar bigear.

Mar de âldste soan seit: jonge frou,
Hwet sitt' Jy dêr stil en stom!
Sjuch de kreammen hawwe de ljochten al op,
Wy draeije it knopke om!

XX.

LIET FEN IN LYTS-BOARGER.

Ik bin mar in lytse bourgeois.
Gjin erfomke nimt my mei nei syn bankklûs,
En gjin arbeider introdusearret my in syn fakforienigings-
[gebou.
Mei tûzen triedden sit ik fêst oan it libben fen de koelak:
Myn heit en myn pake hienen mear as twa kij en in
[hokkeling,
En wis wol lieten hja arbeidzje for lean.
Net as in frjemd kaem ik yn it bûthús
Om de waermte to siikjen en it ljocht fen de lantearne.
Al in pear slachten hienen myn âlden hjar erf;
Ho scoe ik oars de hoarnlegers witte en al de gewinten
Sa as dy hjar foegje,
En de âlde huzen nei fekken bimetten?

Mar nou kin ik net wêze as de industrieel,
Ik kin net de barns fen galvanisearre izer bisjonge
Ef de machtige fjilden dy't de motor bistrykt.
Ek kin ik net as de wrâlddichter wêze,
As er Flaenderens flakten bisjongt, heech as ien dy't it net
[oandocht;
Om't ik hear by hjar
En yn hjar eigen tael sjong ik for hjar.
Sa scil ik wol bliuwe moatte hwa't ik bin,
Fêst oan it forline en it fryske fielen;
De wrâld scil my gjin acht slaen,
Mar faeks scille my tadien wêze
Dy't stienen op 'e terp en de himrik ôfeagen.

FEN ALLE WEGEN.

XXI.

NIJE WRALD.

Hja sizze: wrâld is min; yn skoaijers keet
Moat húzje 't wirksum folk, tognjidde en strûpt;
Syn bodzjen hat gjin frucht. For wyld groeit op
't Wankleurich skaei, dat yn 'e goaten krûpt.

Hja sizze: 't folk is dom; it kin net sjên —
Utsein it lytse tal dat, bigenedigd, wit —
De hege seine fen it godlik mal,
Sa as 't foar hjar forklearre eagen stiet.

Hja ljeavje, sizze hja, it minskdom wol;
Hja roppe it gear en sprekke lûd en fel,
Hja sette er op hjar lichem en hjar siel:
Tobritsen stroffelje hja by 't platform del.

Hjar ljeafde for it earme folk is great!
— En giet dy ljeafde nei syn libben út?
Nimt hja syn wêzen op, syn wille en wirk,
Syn siele, dy't hja, machtich, yn hjar sels bislút?

Is it it dichtsel net fen eigen siel
Dat hja foar alles ljeavje? Eigen drôg' en sin?
Is 't hearsksucht net, dy't strang de leije hâldt,
De fliten twinge wol yn ing birin?

Kinn' hja de Macht'ge net dy 't libben driuwt? —
Binn' hja gjin diel fen him? Ut oare wrâld
In frjemde Geast, dy't hâldt it minskegûd
For boartersreau en wrot en brekt en stâlt?

Hy nimt hjar út 'e groun en set hjar del
Nei it bistek, net achtsjend de natûr.
Wirdt it gjin kostlik park? Mar dea komt mei,
En yn 'e woestenije bliuwt gjin libben oer.

XXII.

DE DEA FEN DE DICHTER.

Dêr leit yn 't wite klaed — in bleke skym —
Hwet iens de drager fen syn wêzen wie;
It omskot, dêr't de siel hjar byld oan joech,
En dat, yn wiksel-krêft, de siele foarme hie.

O mom, o ûnforweechlik neat! Hwer teach
Dyn slaef en hear? Hy ljeave d'ierde sa,
Hy hie dizz' reis net dien, hie gjin oermânske krêft
Him slein en dreaun nei frjemde kusten ta.

Hwa ljeave it ljocht as hy? Sa as it komt
Yn 'e earste steat; de ierde nimt it oan
Fensels, as't bern de memme ljeafde nimt,
En bloeit, en ken it god-gelike skoan.

Syn ljeafde wie for 't ljocht, sa as it komt
Ut heel de bloeijend' ierd; út it bliere each
Fen minskebern as blidens yn gelok
As ljeaflik skynsel oer syn wezen teach.

Hwet ljeave er net? Hwet dy en my ûntkomt,
Dat wie him swiet muzyk; in kou dy't balt,
En winters goezzerop; de wearklank oer it iis
Fen 't fiere kreakjen en as 't bomiis falt.

Hwet wie him lyts? Al 't libben wie him nei;
Hy naem it op, der foel in blanke skyn;
Hy struid' er oer it fine gouden stof,
In wûnder mearke wie 't fen lang forlyn.

— O bleke poppe! Hjir by ús is hy,
En by syn folk! Hjir bleau hwet fen him teach;
En sa moat wol syn wêzen, ús foarby,
Troch d'ether spegelje yn it al-omfiemjend each.

XXIII.

DE KUIER.

Togearre gongen wy, myn jonge frjeon en ik,
It paed lâns, dat my ljeaf wie, troch it blide lân;
My lûkt syn bliere jeugd; hwet hat yn my,
Forbloeid, bitard, macht op syn wêzen hawn?

Gewillich joech er him nou nei myn rêst'ge gong
En hâldde yn, wie't dat ik effen stie,
Om oan to tsjutten hwer ik 't skiene wist
Hwent hy moast sjên, hwet ea myn freugde wie.

Yn djipste pronk laei Maitiids griene lân;
Fen fierens balt in kou; de froasken roppe sa;
It foarjier sjongt yn my syn machtich liet,
De blanke wei rint nei 't ûneindige ta.

En nêst my klinkt de ranke, jonge stim,
Dy't licht den sjit foarút en den wer keart,
En sjongt fen jeugd aloan; de blide sang
Fen hwa't gjin jeft as 't libben sels bigeart.

Him kin net wêze 't foarjierslûd as my
In rop dy't jonkheid jowt oan 't âld geslacht;
Mar ek for him is liet en kleur en ljocht,
Al 't kostlik spil fen Maitiids iere pracht.

Sa gean w'ús ljochte paed. Hwa jowt, hwa nimt?
Oan 't ein, wy stean en somje en roere net,
Mar haww' gjin kar. Den swijsum keare wy;
En yn my klinkt: dy nei is 't jonge hert!

XXIV.

IERDE EN HIMMEL.

Ik bin net sa from dat ik d'ierde net ljeavje
As hja bloeijend oan myn foetten leit,
En as hjar boarst yn machtich weagjen
Hjar ljeaver heechste lok foarseit.

Sa nim ik oan al hwet my biede
De sinne, d'ierd', hjar skepene dracht:
De waerme gloed, it strieljend libben
En hwet hat oer de siele macht.

En sjuch 'k yn 't East oan blanke himmel
Fen gouden skyn de strieling myld,
Ik wit: it oard fen fromm'ne langstme
Is foarme nei dit hillich byld.

XXV.

DEI YN DESIMBER.

Ik roun troch 't gêrs, en wei wie al 't gedoch
Fen stêd en moedsum wirk; ik wie in bern
Gods ierde nei; fen my foel ôf
Hwet op my woech; ik koe de himmel sjên.

De loft skûrt iepen! 't Lege winterljocht
Bloeit wûnder op! De stive westewyn
Driuwt útenoar it grize wolkentek;
It blide wetter jowt in blanke skyn.

De teisters rankje oan 'e griene wâl;
In angeler slacht út syn simmerreau;
It reid-leaf wappert fleurich yn 'e wyn
En yn my libbet al it sterk bidriuw.

XXVI.

DE JEFTE.

Al hwet ik skriuw, dat is wier bard.
— Ik haw gjin krêft fen hege fantasij
Dy't miele kin in wûnder mearkelân
Ef, machtich, iependocht in kommend gouden tij. —

't Is it bêste hwet ik haw; hjir kamen gear
Myn lokkig' ûren allegearr'; fen jeugd en ljocht
De skienste dream. Ik jow it wei,
En hwa't d'âld tael forstiet, haw ik bitocht.

Wie it myn eigen wol? It kaem my oan
Fen myn geslacht en giet nei hjar wer ta.
It is fen sibtal mear as man it erf,
En elts hat part oan hwet ik gearbrocht ha.

Sa binn' hja riker as hjar steat wol seit;
Hjar miene himrik is dat romme fjild,
De sang, de gloed, de klaverrook,
De sé fen 't lân, dy't weeft en tilt.

Hwet lang foarby is, rôp ik op
Ta nije dei; hjar krêft, hjar jeugd; in ljochte ring.
Hwet ienkear wie, forlern mar net forgoen,
Forskynt yn teare glâns: in blider ding.

XXVII.

OFSKIE.

As 'k ienkear skiede moat — in ljochte dei
Yn Maeijetiid wie my it lichtst —
Den set myn bank, dat iepen foar my leit
Hwer't jimmer 't djipst forlangen hinne teach.

It fine lichem, nou in griis to sjên,
Leit sûnder macht. Mar yn 'e eagen blinkt
It goede ljocht, en rook komt fen it fjild;
Hwet ea myn ljeafde hie, giet my foarby.

Den far ik út en stilkes wird ik wei.
Hwet oerbliuwt is myn skym; biloaits it net to wreed
En nim gjin print fen de to-ploege mom;
't Koe wêze dat hja spriek hwet better wie forswijd.

Al hwet er foech jowt haw ik jimme bean,
Biwarje dat; en mei hwet ljeafde tink
Him nei, dy't mannich ding syn ljeafde joech —
Sa lang as dûrje mei de skiente dy't er woun.

XXVIII.

MIENSKIP.

De sleat mei kikkertsblom,
De úttrape wâl in byt bigroeid,
Ofearte pôlle en tohaffle reid —
De miedkraech mei syn dracht
Fen klaver, blommegûd en al
Hwet op 'e seine wachtet,
Kaem gear yn my.

It lûd, dat fen 'e hiemen komt,
It balten dat oer 'e lânnen klinkt,
En al 't bidriuw
Dat libben om my hinne giet
Kaem gear yn my.

It folk dat hjir syn wensté hie,
En hwet er bodde en wrotte d'ieuwen oer,
En al hwet hjir troch bloei en stjerren gong,
Kaem gear yn my.

XXIX.

DE JONGE.

Fêst op it gledde seal,
Ien mei it wiel dat him draecht,
Trapet de jonge de wegen út.
Linich geane syn foetten hjar nea fortraegjende roungong,
Effen mar roede syn hannen d'oerstallige stjûrstang;
Unbiskromme skôgje syn eagen de wrâld yn,
Hwet scoe er eangje?

Mar om 'e hoeke
Lizze de winen,
Ienlike flakte is hjar draefpark;
Bergen komme op oan it loftrom,
Djippe skaden dekke d'ierde.
De jonge binearet de tsjustre romte,
Him gnjidzje en brekke de fûle winen;
It roazich antlit wirdt bleek forlitsen,
De eagen siikje hâld en hulpe
De foetten traepje om it libben . . . .

— Mar, dêr komm' de ljochte wenten,
Sjuch dêr binn' de lije paden,
Dêr is frjeonene help en stjûr!
Njoere machten skrilje en wykje,
Hâlde each-yn-each gjin stân!
En fortroud giet wer it traepjen
Op de froede wenten oan.

XXX.

WINTERJOUN.

Tsjin 'e ljochte himmel de iken stean,
In wylde, tsjustere kloft;
De takken wringe hjar troch-enoar
Toropje de blanke loft.

As frjemde bigearten, hwer 't klaed ôf foel,
Nou neaken wine hja roun,
En krinkelje hjar ta in spoeke-wâld,
Hwer 't ierdske yn forgoen.

De stompen forbliede; út 'e iepen woun'
It donkre focht dript del. —
O winterjoune smertlik feest,
Ho grypst ús sterk en fel!

XXXI.

JOUN.

De joun giet om it stille hûs;
  Hja lústerje; elts hat syn dream.
't Is swalkjens skoft, hwet lang forsonk
  Sylt wer op libb'ne stream.

De frou, hwer't hja op wachtsje mei?
  O wûnder wirk! Koe noch sa'n bloei
Him iepenteare maitiids-blank?
  O joun! o tinzen' licht gedjoei!

De wyn strykt troch it wintersk hôf;
  De man giet mèi syn rûzich paed;
Dwylwegen nolk! O wyld bistean!
  O frjemde tochten' djippe saed!

De bern dream' oer hjar bûnte print,
  De kleur'ge wrâld fen prins en fee,
En weagje yn hjar lichte boat
  In reis nei ûnbikinde sé.

XXXII.

FOARJIER.

O ljochte tiid! O wille sûnder miet!
Gearkommen bliid fen minske slachte swiet!
O heit en mem, do't yn it hôf de pronk
Fen Maeijetiid jimme yn 'e siele sonk,
  Do kaem my dizze ljeafde oan.

O fiere faer en moer, do't — hân by hân
Oer terpe-delgong nei it bloeijend lân —
De lije wyn it wezen stil biroun
En sêfte twang it wylde hert forwoun,
  Do kaem my dizze ljeafde oan.

XXXIII.

DE BLIDE DEI.

O de dei, it ljocht, it wazige fjild,
O gouden tovertún!
O beanerook, o fleareprónk!
O simmers swiet gestrún!

My tsjucht foarby de jonge krêft
Nei 't fiere, yn flugge feart;
En lûd raest oer 'e hirde baen
Hwet wyldste flecht bigeart.

Mar yn it hôf, as delset op 'e bank,
De âlde boer sit wûnderstil;
De hannen openoar as in byld,
Sa rêstich, sûnder wil.

Ho giet my alles oan! Ta ien
Roun jeugd en jeld; hwet d'ierde joech.
En ta it witten fen 'e siele kaem
Hwet ea it weevjen fen 'e raeijen droech.

XXXIV.

YN 'E NEISIMMER.

Ik haw net oars as 't ljocht
Dat op 'e roazen falt,
De soele wyn fen 't lette tij,
En út 'e greide fier gebalt.

Ik haw net oars' as effen mar,
In blide glim, in skyn;
En driuwend oer it stille paed
In rook fen lang forlyn.

Is dit it lok? De siele wint
De lang forseine rêst;
En fen omhegen saeit it del
Hwet twang en noed bilêst.

Noch lûkt de ljochte wei,
It fjild, in koarte stoun';
De dei biklinkt; hast falt
De grize joun.

En effen giet in bern
It âlde, froede paed;
Alle frjemde sjammen
Nou fier forspraet.

XXXV.

DICHTERS BINNE SJENNERS?

It moast nou wêze — ik bin sa âld —
Dat ik it wêzen fen 'e dingen iepen lizze koe;
Dat ik út 'e bylden wei — sa as hja dat sizze —
Komd wie ta de djipste krêft.

Mar, o hwet ik fiel is net as de boarstrige skors
En it sêfte moas fen 'e stammen;
Hwet ik rûk is net as de rauwe rook fen it gêrs;
Hwet ik sjuch is it bûthúsfinsterke
Troch it earste grien fen 'e flearebeam;
De rouning fen 'e pôlle,
En de arbeider dy't troch de fûrgen trapet
By de bouikkers lâns;
En it sêfte gerimpel fen it wetter.

Soms ek sjuch ik de fâlden op it gesicht fen it âld minske
Dêr't de jierren yn fêstlein binne, foarby mar net forgoen,
Libben yn it goede ljocht;
Ef it antlit fen de jonkheid, dy't wachtet,
Blank en iepen,
Mei de sinnen, dy't alles nimme scille.

XXXVI.

NOU KOMME OP,

Nou komme op myn dagen
  In ljochte, blide stoet;
Mar oan myn eagen fiel ik:
  Ho frjemd is 't my to-moed!

In stimme sjongt er beevjend
  In sang fen âlde tiid,
En jonge gloed en langstme
  Fortrilje yn it liet.

Sleau en forwezen rin ik
  To skoffeljen bûten 't paed,
En bin mar hwet oan 't reauntsjen
  Fen ûnwiis dreamen laet.

O wei, o wei! . . . . Mar strieljen
  Ut 'e ierd komt op my ta.
Myn foetten yn hjar taesten
  Kenne wrâlds oerbyld sa.

XXXVII.

JONG.

Ik bin noch jong.
Wol soms, in ljochte dei,
De ierd giet iepen as in nije blom
En, sinne nei,
Giet oan 'e trâns de gouden freugde om.

En dichters reis
De wûndre lânnen yn!
Ik swalkje mei, in ranke jonge maet;
O dream, o skyn!
Yn fiere wazen wykt it blanke paed.

Ik nim my nei
Al hwet er oer my komt,
In bern yn frez' en langst; in triljend hart
Hwaens rêst is nomd,
It kreatuer fen eigen gloed fortard.

Licht gean ik foart
Noch yn 'e bloei forslein;
Mar dy my sjucht scil sizze: hy wie âld
En wol to'nein.
Hwet frjemde dream hie in dit lichem wâld?

OERSET.

XXXVIII.

DE BEAMMEN.

Fierwei torint
Dyks slingerjende seam.
Gjin beam
Skoddet ta lean for de wirge polder
Jountiids-earnst'ge dreamen út roune kroane.
Beamleas en sljucht en keal
Rounet him ikker oan ikker swart en swier.
Ut folle sleatten' straelrjuchte lyn
Blinkt treastend allinne
Ljochts bleke skyn.

Mar dêrre, fier foart yn it swijende lân,
Tsjucht stadich en wichtich en wol-tomoed,
De strjitwei-beammene fromme stoet.
Hja nimme elkoars hân,
Toknobbe en towaeid,
Sa stean hja en somje en reisgje wer
Yn twieljocht-donker klaeid.

O myn beammen!
Oer jimme' bui-toroppe
Kroanebôge

Hat langstme my faken omfieren tôge
De foarjiersrein en simmerswierens yn;
As hjerstmis-stoarmen gûlden
En oan 'e sékant stie sâlt-grize skyn;
En hja fleach as in fûgel mei mearke-blâns,
As yn't moarnsrea jimm' stiene yn ripige glâns.
Jimmer, o beammen,
Sjuch 'k fier jimme pylgrjen en stean,
Moat oer de krunerige
Myn hert mei út wanderjen gean.

O myn beammen,
Dy't hast de nacht scil ha,
Jimm' skodzje de lânnen dreamen,
Donker en wûnder ta!

Nei it Dútsk fen Berend de Vries.

YNHALD.

	Wird foarof	3
	FEN IT FRYSKE GEA	
I.	Ik garje for dy (1923)	7
II.	Krysttiid (1923)	9
III.	De lodde (1923)	11
IV.	Lyk as yn jonge tiid (1924)	13
V.	Lietsje (1924)	15
VI.	To Oostum (1924)	17
VII.	De kastlein (1925)	18
VIII.	Oantinken (1925)	20
IX.	It libben dat forgong (1925)	22
X.	Boerehûs (1926)	24
XI.	De sé (1926)	25
XII.	It húske (1926)	27
XIII.	Mei de auto nei de trein (1927) . . .	28
XIV.	Hwet de dichter witte moat (1927) . .	29
XV.	Peaskemoandei (1927)	31
XVI.	De ierde nei (1927)	32
XVII.	By „Aus meinem Leben" fen Friedrich Paulsen (1927)	33
XVIII.	Oan R. Brolsma (1927)	34
XIX.	Yn 'e skimerjoun (1928)	35
XX.	Liet fen in lyts-boarger (1928)	36

FEN ALLE WEGEN

XXI. Nije wrâld (1923) 39
XXII. De dea fen de dichter (1923) 41
XXIII. De kuier (1924) 43
XXIV. Ierde en himmel (1924) 45
XXV. Dei yn Desimber (1925) 46
XXVI. De jefte (1925) 47
XXVII. Ofskie (1926) 48
XXVIII. Mienskip (1926) 49
XXIX. De jonge (1926) 50
XXX. Winterjoun (1927) 51
XXXI. Joun (1927) 52
XXXII. Foarjier (1927) 53
XXXIII. De blide dei (1927) 54
XXXIV. Yn 'e neisimmer (1927) 55
XXXV. Dichters binne sjenners? (1928) 56
XXXVI. Nou komme op (1928) 57
XXXVII. Jong (1928) 58

OERSET

XXXVIII. De beammen 61

BRANDENBURGH & Co. - SUITS